



Plysje Fryslân Regionale Ienheid Noard-Nederlân

Oan de Haadkommisaris Martin Sitalsing

Kopy oan: Jongfryske Mienskip & Provinsje Fryslân

Achte hear Sitalsing,

Amsterdam 21/02/2024

Oangeande: Fryske opskriften op plysjeauto's en -unifoarms

Ús stifting hat fêststeld, dat nettsjinsteande werhelle fersykjen ⁽¹⁾ der noch hieltyd gjin twatalige plysjeauto's en -unifoarms binne yn 'e provinsje Fryslân.

Dat is mooglik yn striid mei kêst 1 fan de Grûnwet ⁽²⁾, ommers plysjeauto's yn oare dielen fan it keninkryk binne foar oare offisjele talen wol twatalich. It Frysk is nota bene in twadde rykstaal.

1

Op grûn fan kêst 90 fan de Grûnwet heart de Nederlânske oerheid him yn te setten foar de ynternasjonale rjochtsoarder.

Op grûn fan it Ferdrach fan Straatsburch ta beskerming fan nasjonale minderheden ⁽³⁾ hawwe etnyske minderheden rjocht op beskerming fan harren taal en kultuer.

Op grûn fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale talen ⁽⁴⁾ moat it brûken fan de minderheidstaal oanmoedige wurde.

Op grûn fan it EFRM ⁽⁵⁾ is diskriminaasje ferbean, de twatalige plysjeauto's yn Súd-Tirol, of Wales of Finlân binne in foarbyld foar de Nederlânske plysje en in ikoan fan Europeeske kearnwearden. Yn It Belzelân mei de Dútsktalige autonome minderheid syn taal frij brûke.



Yn alle gefallen is it net-brûken fan Fryske opskriften yn striid mei begjinsels fan ynklúzje en ferskaat.

It rjocht om net diskriminearre te wurden folget ek út ynternasjonale ferdraggen en Europeeske ferplichtings, lykas de Universele ferklearring fan de rjochten fan de minske ⁽⁶⁾, de Europeeske Grûnwet ⁽⁷⁾, mar ek it Ferdrach ta bestriding fan rassediskriminaasje ⁽⁸⁾.

Twatalige plysje-uniforms en plysjeauto's jouwe yn in multyetnyske kontekst, lykas yn Fryslân, krekt ynfolling oan neutraliteit en it gelykheidsbegjinsel.

Foar it pleatsen fan twatalige buorden en it ynsetten fan twatalige plysjeauto's hoege jo gjin ynspannings te ferrjochtsjen, it is genôch as jo tastimming jouwe.

Jo kinne der op rekkenje, dat de kosten foar ferve, twatalige buorden en twatalige uniforms - as dat nedich wêze soe - troch ús stifting en/of sympatisanten droegen wurde kinne.

Sa nedich easkje ik fan jo en sommearje ik jo fuortendaliks twatalige Frysktalige opskriften (auto, uniform en plysjeburo) te brûken yn 'e provinsje Fryslân.

Mochten jo fragen en of opmerkings hawwe, dan hear ik graach fan jo.

Mei rju heechachtinge,

drs. G. Landman

foarsitter Stifting European Language Rights

info @language-rights.eu

N.B. It Jiddysk is allyksa in minderheidstaal en der binne sels noch praters fan dy taal. Dy taal en ek oare regionale talen fertsjinje in evenredige beskerming.



1. Fersyk oanrekommadaasjes oangeande it fergrutsjen fan de sichtberens fan de Fryske taal en identiteit.

https://language-rights.eu/jongfryskemienskip_220526_142810.pdf

Brief oan de Rie fan Europa https://language-rights.eu/COUNCIL_OF_EUROPE_17102019.pdf

2. Grûnwet. <https://wetten.overheid.nl/BWBR0001840/2023-02-22/0>

3. Ferdrach fan Straatsburch ta beskerming fan nasjonale minderheden.

<https://www.coe.int/en/web/conventions/unknown-cets-number-/-abridged-title?module=treaty-detail&treatynum=157>

4. Europeesk Hânfêst fan Regionale talen.

<https://www.coe.int/en/web/european-charter-regional-or-minority-languages/signatures-and-ratifications>

5. Europeesk ferdrach foar de rjochten fan de minske (EFRM).

https://www.echr.coe.int/documents/d/echr/convention_nld

6. Universele ferklearring fan de rjochten fan de minske.

<https://wetten.overheid.nl/BWBV0001008/1948-12-10>

7. Ferdrach fan Lissabon.

<https://eur-lex.europa.eu/legal-content/NL/TXT/PDF/?uri=OJ:C:2007:306:FULL>

8. Ynternasjonale Ferdrach oangeande de útbanning fan alle foarmen fan rassediskriminaasje.

https://wetten.overheid.nl/BWBV0002911/1972-01-09#Verdrag_2

9. Thússide Stifting European Language Rights <https://language-rights.eu/>

10. Thússide Jongfryske mienskip <https://jongfryskemienskip.frl/>

Rie fan Europa, Rapport 7 oangeande it Europeesk Hânfêst foar regionale talen

<https://rm.coe.int/netherlandspr7-nl/1680a2abe5>



Skermprint Fergrutsjen fan de sichtberens fan de Fryske taal en identiteit.



Dit is in foarbyld

Plysje: Wach en tsjinstber

14

4

Oanrekommandaasje 5: Mear Frysk sichtber op 'e dyk

De plysje is dyn bêste freon. In bekende slogan út ferfleine tiden? Fansels net. Mar om draachflak te hâlden yn Fryslân en foar de Fryske mienskip binne yn de takomst taalferoarings nedich, ek by de oerheid. De taal fan it folk prate en de Fryske taal sichtber sjen litte op plysje-uniforms en plysje-auto's mei de bedoeling: wy binne der foar jimme. It Ryk draacht ommers, tegearre mei Fryslân, soarchplicht foar it Frysk yn al syn fasetten.

Yn Brussel drage Plysjeminsken in dûbeldtalige plysjeopskrift op harren klean. Dit kin ek yn Fryslân. De provinsje nimt dit mei yn de bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer.



Dit is in foarbyld

Oanpassing nedich fan de 'Regeling van de Minister van Binnenlandse Zaken, nr. EA94/U907, houdende regels voor de kleding van de politie'.

15



Ôfbylding twatalige plysjeauto Sint-Maarten **Ingelsk / Nederlânsk**

Boarne: https://commons.wikimedia.org/wiki/File:Police_car_on_Sint_Maarten_14.jpg



5

Ôfbylding twatalige plysjeauto Súd-Tirol, Itaalje

Boarne: eigen foto

Italjaansk / Dútsk






Ôfbylding twatalige kommunikaasje plysje Finlân

Boarne: thússide <https://poliisi.fi/>

Finsk / Sweedsk



Ôfbylding twatalich plysjeboerd yn Tordaszentlászló, Roemeenje.

Boarne: Eigen foto

Roemeensk / Ongersk





Ôfbylding twatalige plysje-unifoarms yn Wales.

Boarne: ûnder lisinsje fan alamy.

Welsh / Ingelsk



Ôfbylding twatalige plysjeauto Wales, Feriene Keninkryk.





Dútsktalige plysje-auto It Belzelân

Dútsk

[https://commons.wikimedia.org/wiki/File:Belgian_Federal_Police_MB_Sprinter_\(2006\).jpg](https://commons.wikimedia.org/wiki/File:Belgian_Federal_Police_MB_Sprinter_(2006).jpg)



Twatalige plysje-unifoarms auto It Belzelân

Boarne: <https://www.polizei.be> https://fr.wikipedia.org/wiki/Police_belge

Nederlands /

Frans





Plysjeauto Baskelân

Baskysk

Boarne: https://commons.wikimedia.org/wiki/File:Ertzaintza_autoa_001.JPG



Plysjeauto Kataloanje.

Katalaansk

Boarne: https://en.wikipedia.org/wiki/File:Catalan_Police_Car.jpg





Plysjeauto's yn Kurasau

Papiamentu

https://upload.wikimedia.org/wikipedia/commons/4/4d/Curacao_Police_Policia_de_Curazao_Korsou.JPG



Offisjele talen fan Nederlân

Boarne: <https://open.overheid.nl/documenten/ronl-5d274fc7-5077-4a49-844c-ef2ea653e38b/pdf>

Hokker erkende talen hat Nederlân?

It Nederlânsk is de offisjele taal fan Nederlân. It Frysk is de twadde offisjele taal yn de provinsje Fryslân. Op Bonaire, Sint-Eustatius en Saba (BES-eilannen) binne njonken Nederlânsk ek Papiamintsk en Ingelsk erkend as offisjele talen. Nederlân hat fia Europeeske ôfspraken Limboarchsk, Nedersaksysk, Jiddysk (Jiddisj) en Sinti-Romanes as regionale of non-territoriale taal erkend.

Frysk

Frysk en Nederlânsk binne de offisjele talen yn de provinsje Fryslân. Fryske boargers hawwe it rjocht om harren eigen taal (Nederlânsk of Frysk) te brûken. Bygelyks yn de rjochtseal of yn kontakt mei de gemeente. Dat stiet yn de Wet gebrûk Fryske taal.

De wet skriuwt ek foar hoe't yn it rjochtsferkear de eed of belofte yn it Frysk ôfnommen wurdt. En hoe't Fryske gemeenten regels en belied foar it brûken fan de Fryske taal meitsje moatte.

It Frysk is in standerdisearre taal. De provinsje stelt yn oerlis mei de Fryske Akademy de stavering fan it Frysk fêst.

Papiamintsk en Ingelsk



Ympresje twatalige plysjeauto's Servje, Moldaavje, Roemeenje en Oekraïne.

Dizze binne mei 'photoshop' makke en besteane spitigernôch net! Taalrjochten binne de kaai foar frede, feiligens en foarspoed yn it ramt fan de Europeeske yntegraasje: Boarne: [Rapport Verraad aan het recht \(Ferrie oan it rjocht\)](#)



1. Roemeensk/Ongersk, 2. Gaugaziysk/Roemeensk, 3. Servysk/Ongersk, 4. Roemeensk/Dútsk/Ongersk, 5. Russysk/Roemeensk, 6. Oekraynsk/Ongersk/Roemeensk & 7. Oekraynsk/Russysk